

**Dyn idealen yn it
Wetterskip
Programma
Wetterskips-
ferkiezings 2015**



**Partij voor
de Dieren**

Ynhâld

Foarwurd	1
1. Duorsum wetterbehear: Foar in sûne takomst	2
2. Dieren fertsjinje beskerming	7

Foarwurd

Minsken, bisten en natuer kinne net sûnder foldwaande en skjûn drink- en oerflaktewetter. Mar wetter kin ek in gefaar wêze. De striid tsjin it opkommede wetter is tekenjend foar Nederlân. Diken en kaaïen moatte feilich en duorsum wêze. De klimaatferoaring makket dit nammerste urginter.

Dêr leit koartsein in wichtige taak foar de wetterskippen. Hja moatte dêrom optimaal foar har taak ynrychte wêze. De Partij foar de Dieren fynt dat wetterskippen selsstannich bliuwe moatte.

Mar it Wetterskip moat ek demokratisker. Njonken de troch de boargers keazen bestjoerders binne der ek boarchte sitten. Troch dizze boarchte sitten binne benammen de agraryske belangen oerfersjintwurdige. Hjirtroch komme dierenwolwêzen en natuer der bekaaid út.

Sa wurdt by it fêststellen fan it wetterpeil gjin rekkening hâlden mei de natuer en it bioferskaat. Bestridingsmiddels en dongstoffen feroarsaakje de stjerte fan planten en bisten - en bedriigje boppedat de drinkwetterfoarsjenning. Troch alle kearen en gemalen wurdt de migraasje fan fisken en oare bisten ernstich behindere. Yn gemalen komme in soad fisken om it libben. En noch hieltyd stjerre in soad muskusrotten yn wrede ferdrinkingsfallen.

It is heech tiid dat wetterskippen foarrang jouwe oan bisten, natuer en miljeu. Kies dêrom Partij foar de Dieren.

1. Duorsum wetterbehear: Foar in sûne takomst

Skjin oerflakte- en grûnwetter soe yn Nederlân fanselssprekkend wêze moatte, mar dat is spitigernôch net it gefal. De fee-yndustry stjit in soad skealike stoffen út en sealjet ús op mei in grut dongprobleem, dat ek negative gefolgen hat foar de kwaliteit fan ús wetter. Troch it oermjittich gebrûk fan bestridingsmiddels yn 'e yntensive lân- en túnbou en troch tanommen konsintraasjes fan medisynresten yn it wetter wurdt de kwaliteit fan it wetter oantaaste. Boppedat stiicht troch klimaatferoaring it seewetternivo en nimt de kâns op ekstreme waarsomstannichheden ta. Dat kin betsjutte dat der by fûle rein in soad wetter ôffierd wurde moat wylst wilens perioades fan lange droechte feandyken ernstich ferswakke reitsje kinne. Ek de yntensive lânbou hat grutte ynfloed op 'e wetterstân. Troch oanhâldend yntinsyf agrarysk gebrûk fan feangreidegebieten trede feanoksidaasje en maaifjildôfgong op. De kosten om droege fuotten te hâlden nimme hjirtroch sterk ta en wurde op termyn ûnbetelber.

De Partij foar de Dieren wol ynsette op duorsamheid om klimaatferoaring te betwingen, mar ek ynvestearje yn wetterkearing, wetterberging en boppestreamse opfang om de feiligens op de lange termyn te boarchjen. Peilverheging en agrarysk natuerbehear op feangreidegebieten is nedich om it proses fan feanoksidaasje te stopjen. Wy moatte ôfhâldend wêze by it bouwen yn djippe droechmakkerijen, polders en rivierbêden.

Duorsum natuerbelied

Nederlân hat in ferskaat oan prachtige natuergebieten. Ferbiningen tusken dizze natuergebieten en mei natuergebieten yn buorlannen binne in betingst foar in grut bioferskaat en in lykwichtich ekosysteem, wêr't de ynfloed fan 'e minsken minimalisearre wurdt. It realisearjen fan dizze ferbiningen en grutskalige natuergebieten yn it ramt fan it Natuernetwurk en Natura 2000 moatte hege prioriteit krije.

It Wetterskip hat in spesifike ferantwurdlikheid foar wiete natuergebieten en wiete ferbiningsônes. Dêrmei spilet it Wetterskip in kaairol by de EHS en Natura 2000.

Ekologisk sûn wetter

De Partij foar de Dieren wol skjin wetter, dat ekologisk sûn is. Skjin wetter betsjut dat Nederlân foldwaan moat oan 'e Kaderrichtlijn Water, de Europeeske norm dy't foarskriuwt oan hokker easken oerflakte- en grûnwetter foldwaan moat. Wetterskippen hawwe hjirby in útfierende rol.

De Partij foar de Dieren wol dat it Wetterskip de beskerming fan it wetter en de wetterkwaliteit serieuus nimt. Ynfiering fan 'e easken dy't de Kaderrichtlijn Water stelt meie net útsteld wurde. Bedriuwen dy't it wetter fersmoargje, moatte oanpakt wurde. It prinsipe dat de fersmoarger betellet moat ek hjir jilde.

Fersmoarging tsjingeant

Troch de yntensive lânbou komme der te folle stoffen as fosfaat en nitraat yn ús wetter terjochte. Hjirtroch wurdt it wetter tige fiedselryk, wêrtroch ferskate problemen ûntstean. De oermjittige groei fan kroas kin soerstoftekoart feroarsaakje en sa ta fiskstjerte liede. Blaualgen kinne minsk en dier siik meitsje. Ek it gebrûk fan bestridingsmiddels út 'e lân- en túnbou en troch partikulieren hat in negatyf effekt op 'e wetterkwaliteit.

Om de kwaliteit fan ús wetter te beskermjen wol de Partij foar de Dieren dat der in bonusmalusregeling komt dy't fersmoarging straft troch in swierdere heffing en dy't goed gedrach beleant yn 'e foarm fan in heffingskoarting. Op dizze wize wurdt (de mjitte fan) miljeufersmoarging keppele oan 'e hichte fan 'e opleine heffing.

De fersmoarger betellet

Om't lânbou de grutste fersmoarger is fan it oerflaktewetter (troch bestridingsmiddels en dongstoffen) fynt de Partij foar de Dieren dat de lânbousektor ek it grutste diel fan 'e lêsten drage moatte soe. Net de boargers, mar de grutste brûkers en fersmoargers fan it wetter moatte neffens ús betelje foar de wurksumheden fan it Wetterskip. Njonken de agraryske sektor binne dat bedriuwen.

Wettersuvering

Bestriding oan 'e boarne is altyd de bêste manier om de fersmoarging tsjin te gean. Mar wêr wetter fersmoarge is mei bestridingsmiddels, mikroplastiks of medisynresten, moatte suveringsinstallaasjes it wetter suverje

Wetterskippen binne ferantwurdlik foar suveringsbehear, gemeentes foar de riolearring. Yn Nederlânske rioelen wurdt al faak ôffalwetter skieden fan reinwetter. Problemen ûntstean wannear't de ôffier fan reinwetter net fluch genôch giet, wêrtroch de riolearring it wetter net ôffiere kin. Dit sil hieltyd faker barre troch klimaatferoaring en troch de tanimmende ferhurding fan 'e ûndergrûn. It reinwetter en ôffalwetter wurde by fûle reinfal útsmiten op it oerflaktewetter, dat troch dizze 'oerstoart' fersmoarge rekket.

Op plakken wêr't fersmoarging fan it wetter oan 'e boarne noch net (folslein) foarkommen wurde kin is it wichtich om it wetter te suverjen. It Wetterskip ynvesteart hjirby yn ynnovative, duorsume en miljeufreonlike filter- en suveringsmetoaden.

Grûnstoffenfabryk

Duorsumheid freget om hergebrûk. Us ôffalwetter befettet seldsum wurdende, kostbere grûnstoffen: fosfaat, stikstof, kalium, selluloaze en boustiennen foar bioplastiks. Dizze wurde no noch útsmiten mei it suvere ôffalwetter mar se kinne weromwûn wurde. Dizze ferduorsuming liedt ta grutte kostenbesparings. In 2012 hawwe de 25 wetterskippen begûn mei it Grûnstoffenfabryk en fine ferskate inisjatieven plak dy't resultearje kinne in techniske trochbraken, dy't innovaasjes en it slúten fan omrinnen ferhastigje. It smyt boppedat skjinner wetter op.

Hâld gas yn 'e grûn

Ierdgaswinning en skaliegaswinning kinne ierdbevings en boaiemôfgong feroarsaakje. Sa kin in soad skea ûntstean oan diken en kaaïen. Skaliegas kin boppedat in nije bedriging foarmje foar de kwaliteit fan ús wetter. By de winning fan skaliegas wurde tige skealike gemikaliën brûkt dy't yn it grûnwetter terjochte komme kinne.

De Partij foar de Dieren wol de ierdgaswinning fuortendaliks mei 40% ferminderje fanút it foarsorchprinsipe en is bot tsjin skaliegaswinning yn Nederlân fanwege it risiko fan grûnwetter- en boaiemfersmoarging.

Duorsume diken, kaaïen en wâlen

De kaaïen yn Nederlân binne meastal foarsjoen fan hurde kearings. Dit is desastreus foar it wetterlibben. De Partij foar de Dieren fynt dat by renovaasje en herstel kaaïen mei in flau ôfrinnend talud oanlein wurde moatte. Dit past better yn in natuerlik lânskip en it ferlytst it risiko fan ferdrinking fan te wetter rekke minsken en bisten. Yn 'e praktyk blykt dit boppedat faak goedkeaper yn ûnderhâld te wêzen.

By it fersterkjen fan diken kiest de Partij foar de Dieren foar ekstra ynvestearings by de oanlis, rjochte op griene diken mei duorsum behear en lege underhâldskosten. In foarbyld hjirfan is in folslein mei gers beklaaide dyk mei in flauer talud.

Wâlen moatte by foarkar stadichoan ôfrinne. De natuerlike gradiënt dy't ûntstiet biedt de bêste kânsen foar ferskillende planten en diersoarten. Dat fergрутt it bioferskaat en de robústheid fan it ekosysteem. Wêr ôfrinnende wâlen (noch) net mooglik binne moatte glop-pen kreëerd wurde wêr't bisten yn en út it wetter komme kinne en fisken en amfibieën pare kinne.

Offier rivier- en reinwetter

Foar it ôffieren fan 'e tanimmende mannichten rivier- en reinwetter sette wetterskippen yn op boppestreams fêsthâlden fan wetter, it meânderen litten fan beken en it ferbreedzjen fan rivierbeddings. De Partij foar de Dieren jout foarrang oan it langer fêsthâlden fan wetter boppe fersneld ôffieren. Foar de ekstreme situaasjes wurde wetterbergings oanlein wêryn tydlik it oertallige wetter opslein wurdt.

Natuerlike wetterôffier befoarderje

Yn heger lizzende gebieten wurdt de ôffier fan wetter fersneld troch kanalisaasje. By fûle reinfal kin te flugge ôffier foar problemen soargje. Om't as gefolch fan 'e klimaatferoaring in soad delslach yn koarte tiid falle sil, moatte wy it wetter yn it streamgebiet better fêsthâlde en stadichoan ôffiere litte. Dat kin troch wetters op 'e nij meânderje te litten.

Natuerlik wetterpeil oanhâlde

Yn it legere diel fan Nederlân wurdt it peil binnen nauwe grinzen hânholden troch ynlit en it weimealen fan wetter. Dat bart om beboud gebiet droech te hâlden en om de yntensive lân-bou mooglik te meitsjen. It wetterpeil wurdt dus oanpast oan 'e funksje fan it gebiet. Troch-dat der in ûnnatuerlik leech wetterpeil hânholden wurdt sakt de boaiem. De Partij foar de Dieren fynt dit net winsklik. It oanhâldend ferleegjen fan it wetterpeil om de boaiemferleging te folgjen is ûnhâldber en wurdt ûnbelbetber. Wy fine dat it Wetterskip in natuerlik wetterpeil oanhâlde moat: de funksje fan it gebiet moat folgje út it natuerlike wetterpeil en net oarsom. It Wetterskip moat fierder har ynfloed op 'e Provinsje brûke om bebouwing yn djip gelegen polders tsjin te gean.

It keunstmjittich ferleegjen fan it wetterpeil betsjut ek dat it oerflakte ynklynkt en ferhurdt. Dat hat effekten foar de floara en fauna fan it gebiet. It terrein wurdt dêrmei ûnoantrekliker foar skriezen en oare greidefûgels. It soe duorsum wêze om it wetterpeil te ferheegjen. Sa lang dat net realisearre is, binne in fleksibel peil of ûnderwetterdrainazje maatregels om feanboaiemferleging tsjin te gean needsaaklik.

Yn it westlik diel fan Nederlân is fersâlting as gefolch fan 'e geologiske boaiemferleging in natuerlik proses. In gradiënt tusken swiet en sâlt wetter fergрутt it bioferskaat en is posityf foar natuerûntjouwing. De Partij foar de Dieren fynt it ûnnedich en sels net winsklik om dit natuerlike proses te fersteuren mei kostbere swietwetterfoarsjennings. De lânbou kin him oanpasse oan 'e fersâlting troch mear sâltbestindige gewaasken te ferbouwen.

Wetterberging op de takomst tariede

Troch de klimaatferoaring sil hieltyd faker yn koart tiidbestek in soad delslach falle. Wetterskippen moatte dêrop antisipearje troch wetterbergings oan te lizzen en in robúster peil-behear te bewurkjen. Tegearre mei gemeenten wurdt der wurke oan it ta stân kommen fan túnen, parken en griene dakken en wurdt der nei stribbe om reinwetter langer fêst te hâlden, sadat rioelen net swier belêst wurde by reinfal. By nij te bouwen wiken wurdt reinwetter loskeppele fan 'e riolearring.

Foarljochting en lobby

De Partij foar de Dieren fynt dat wetterskippen de bewustwurding by it publyk fergрутtsje moatte oer de fersmoarging fan it oerflakwetter en it grûnwetter troch it gebrûk fan be-

stridingsmiddels yn 'e yntensive lân- en túnbou en troch de útstjit fan skealike stoffen yn 'e fee-yndustry. De hjoeddeistige foarljochting troch it Wetterskip is op dit punt alhiel ûnfoldwaande.

Gjin rekreaasje ta skea fan natuer

It is wichtich dat minsken kennis nimme kinne fan 'e natuer en dêr rekreëre kinne. Dy rekreaasje mei lykwols net ta skea gean fan 'e natuer of de natuer fersteure.

Hjir sette wy ús foar yn:

1. In yntegraal en doorsum wetterbehear mei in langetermynfisy dy't antisipeart op de gefolgen fan 'e klimaatferoaring. De Partij foar de Dieren fynt boppedat dat wetterskippen by it wettermanagement ynsette moatte op previnsje fan problemen yn plak fan allinne de bestriding derfan.
2. It Wetterskip begeunstigt de oanlis fan natuergebieten en ferbiningsônes foar it Natuernetwurk en Natura 2000.
3. It Wetterskip beheart de wettersystemen sa natuerlik en underhâldfrij mooglik. Wêr't dit kin, lit it Wetterskip wetter ûnder natuerlik ferfal ôfstreame.
4. Mear griene diken en by renovaasje en herstel fan kaaïen it oanlizzen fan in flau ôfrinnend talud.
5. It Wetterskip brûkt gjin bestridingsmiddels foar it weiheljen fan net winske planten op diken, mar kiest foar hânjittich en mechanisk weiheljen.
6. Beammen op diken wurde inkeld noch kapt as sy in gefaar foarmje foar de wetterkearing.
7. De Partij foar de Dieren is foar it oanlizzen fan wetterbergings dy't ek in natuerfunksje hawwe. By de ynrjochting fan dizze gebieten wurde hichten oanlein wêrop yn it wyld libjende dieren by heech wetter har taflecht sykje kinne.
8. De Partij foar de Dieren wol wetterfersmoarging oanpakke by de boarne. Dejinnige dy't de fersmoarging feroarsaket moat betelje: der komme ekstra heffings op fersmoargende aktiviteiten. Hjirtroch kinne de belêstings foar boargers ferlege wurde en dy foar de lânbousektor en oare fersmoargende bedriuwen ferhege. De prizen foar grûn- en oerflaktewetter wurde heger foar de grutste fersmoargers.
9. De wettersuvering wurdt in enerzjy-opwekker. It slib dat oerbliuwt nei suvering, wurdt brûkt om te vergêstjen om sa enerzjy op te wekjen. It ferfier fan dit slib fynt safolle mooglik per skip plak ynstee fan per frachtauto.
10. De gebouwen en it weinpark fan it Wetterskip moatte foldwaan oan enerzjylabel A. Ek it grutter materieel moat foldwaan oan 'e lêste easken fan enerzjy-effisjinsje. Wetterskippen pleatse sinnepanelen op har gebouwen en litte ûndersykje wêr't op har terreinen wynmûnen pleatst wurde kinne.
11. Hânhâlding fan en kontrôle op it gebrûk fan bestridingsmiddels wurde útwreide.
12. It Wetterskip beweecht gemeenten derta om de ôffierkapasiteit fan it reinwetterstelsel te fergrutsjen en om reinwetter ôf te keppeljen fan it rioelwetter.

13. Burgers wurde stimulearre om har tún net te betegeljen, mar mei beplanting yn te rjochtsjen en om griene dakken oan te lizzen om op dy manier wetter langer fêst te hâlden.
14. It Wetterskip stiet der by it Ryk en de Provinsje op oan om de yntensive bedonging fan lândbougrûn werom te kringen.
15. It Wetterskip moat by it behear fan it wetterpeil alle belangen lykweardich belûke en ek har ynfloed by de Provinsje hjirop basearje.
16. Om boaiemferleging yn feangreidegebieten tsjin te gean propageart it Wetterskip wetterpeilferheging, fleksibele peilen en ûnderwetterdrainazje.
17. Wetterskippen stimulearje biologiske bedriuwen troch ferleging of skinking fan wetterskiplasten.
18. It Wetterskip brûkt har ynfloed by de Provinsje om bebouwing yn djippe polders tsjin te gean.
19. It Wetterskip lit beken wêr mooglik op 'e nij meânderje.
20. It Wetterskip draacht net by oan 'e kosten fan 'e lokale oanfier fan swiet wetter foar it ferbouwen fan gewaaksen.
21. It trochspieren mei swiet wetter om fersâlting tsjin te gean wurdt stoppe. Yn plak dêrfan giet it Wetterskip yn oerlis mei de lânbousektor om oer te stappen nei gewaaksen dy't bestân binne tsjin fersâlting.
22. It Wetterskip leit aktyf tydlike wetterbergings oan en stribbet nei in robúst peilbehear, lykas yn it Nasjonaal Bestjoersakkoart Wetter ôfpraat is.
23. Tegearre mei gemeentes wurdt wurke oan maatregels om wetter langer fêst te hâlden en wêr mooglik foar te kommen dat reinwetter yn it rioel streamt.
24. Bij nij te bouwen wiken wurdt it reinwetter fan it rioel loskeppele.
25. It Wetterskip sprekt har út tsjin skaliegaswinning.

2. Dieren fertsjinje beskerming

De measte wetterskippen rekkene no noch te min mei de belangen fan bisten. Dizze wurde dan ek faak de dupe fan beslissings dy't yn wetterskippen nommen wurde, fan muskusrotten oant fisken. De Partij foar de Dieren fynt dat de wetterskippen yn al har belied de yntrinsyke wearde en beskerming fan yn it wyld libjende dieren boarchje moatte. De bisten moatte safolle mooglik mei rêst litten wurde. Yn plak fan it bestriden fan bisten dy't oerlêst feroarsaakje soene, kieze wy foar previntyf belied.

Dierfreonlik ûnderhâld en bedriuwsfiering

Underhâld is mei namme needsaaklik foar de wetterôffierkapasiteit en de wetterkwaliteit. It Wetterskip moat foar sawol it ûnderhâld oan wetterwegen as by har eigen bedriuwsfiering in duorsum, dierfreonlik belied hantsje. It meanen fan 'e planten lâns en yn 'e kanten en it útheakkeljen en baggeljen fan sleaten en kanalen bart om de wetterôffierkapasiteit yn stân te hâlden. Foar de dieren dy't yn en om it wetter libje betsjut dit wetterbehear meastal in skealike yngreep. De Partij foar de Dieren fynt dêrom dat dizze yngrepen ôfhâldend tapast wurde moatte.

Gjin jacht, mar oerlastprevinsje

It byfieden, útsetten en ôfsjitten fan bisten fersteure it natuerlik lykwicht. De Partij foar de Dieren wol in ein oan 'e plezierjacht - ynklusyf it ôfskot fan bisten yn it ramt fan saneamde populaasjebehear of skeabestriding.

Yn plak fan bestriding fan bisten dy't oerlêst feroarsaakje soene, kieze wy foar previntyf belied. It Wetterskip kin in rol spylje om oerlêst fan guozzen foar te kommen. Troch klaverrike foeraazjebieten foar guozzen yn te rjochtsjen, kinne guozzen nei net-produksjefielden lokt wurde, lykas dyklichems en rânen lâns wetterwegen.

Ek gravende bisten fertsjinje beskerming

De Partij foar de Dieren stelt de feiligens fan diken foarop, mar is tsjin it deadzjen fan gravende bisten, lykas de muskusrot of beverrot. De effektiviteit fan dizze bestriding is nea oantoand. Dochs wurde alle jierren tusken de 100.000 en 400.000 muskusrotten deamakke. Dit kost alle jierren 31 miljoen euro. Dat jild kin better bestege wurde oan beskerming fan kwetsbere objekten, previntyve maatregels tsjin graverij en skeaherstel.

It bestriden fan gravende bisten lâns sleatkanten, net fanwege risiko fan dyktrochbrek mar fanwege kâns op it fersakken fan lânboumasines is healwiis. Yn 'e bedriuwsfiering kin prima rekken hâlden wurde mei gatten en gongen yn 'e kanten, bygelyks troch it oanlizzen fan akkerrânen lâns de sleatkant of de oanlis fan flauwere taluds. It belied fan it Wetterskip moat der fierder op rjochte wêze om by oanlis fan en ûnderhâld oan wetterkearings previntyve maatregels ta te passen, om it grêven op kwetsbere plakken foar te kommen of te ûntmoedigjen.

Ferbod op angeljen

Angeljen is, lykas jeien, in foarm fan tiidferdriuwing ta skea fan bisten. De Partij foar de Dieren wol in ferbod op angeljen. It Wetterskip kin in wichtige rol spylje yn it tsjingeane fan angeljen. Net allinne om't hja de fiskrjochten besit foar de wetters yn har eigendom, mar ek troch it ynrjochten fan it wetter en de wetterkant.

Fiskstânbehearskommisjes opheffe

It Wetterskip hat de einferantwurdlikens foar de mjittingen fan 'e fiskstân en it behear dêrfan. Fiskstânbehearskommisjes bestean benammen út angelders en breafiskers. De Partij foar de Dieren wol dat dizze kommisjes opdoekt wurde. Salang dizze (no noch ferplichte) kommisjes der binne moatte hja har rjochtsje op bioferskaat en natuerbehâld.

Gjin heryntroduksje fan soarten

De heryntroduksje fan diersoarten dy ea foarkamen yn ús lân, mar dy't ûnderwilens hjir útstoarn binne, is keunstmjittich en ûnnatuerlik. De Partij foar de Dieren is wol in foarstanner fan it ferbinen fan natuergebieten. Troch fernipeling fan natuer tsjin te gean, bemaklikje wy de weromkear fan lânseigen dier- en plantensoarten.

Barriêres foar migraasje weihelje

Yn Nederlân binne likernôch 10.000 keardamen en 3.500 gemalen foar it wetterbehear. Dêrnjonken binne der withoefolle sylen en damen en in tal wetterkrêftsintrales. Foar de measte fisken foarmje dizze foarsjennings in ûnnimber obstakel wêrtroch de natuerlike migraasje ernstich behindere wurdt. Alle jierren wurde yn 'e gemalen of wetterkrêftsintrales miljoenen fisken skeind of deadien.

De Partij foar de Dieren wol dat it Wetterskip technyske maatregels tapast wêrtroch fisken wetterboukundige obstakels sûnder skea passearje kinne.

Bisten yn rampenplannen

Wetterskippen hawwe in wettelijke plicht om kalamiteitenplannen op te stellen. Sy binne oerlispartner by de tastânkoming fan rampenbestridingsplannen by dyktrochbrek. De Partij foar de Dieren wol dat der yn dizze plannen ek folwurdich oandacht jûn wurdt oan 'e belangen fan de yn it gebiet libjende bisten, sawol de hâlden (lânbou)húsdieren as de yn it wyld libjende bisten.

Hjir sette wy ús foar yn:

1. It Wetterskip boarcht de yntrinsyke wearde en beskerming fan bisten yn al har belied.
2. Oevers wurde op in natuerlike wize en dierfreonlik oanlein mei paai- en drinkplakken. Wetterwegen folge sa folle mooglik har natuerlike rin (meânderje). By hurde kaaien wurde útstaplakken foar te wetter rekke bisten oanlein.
3. It Wetterskip makket har fjilden, rânen en diken oantreklik foar guozzen en greidefûgels om sa mooglike lânbouskea foar te kommen.
4. It Wetterskip fiert de mjittings fan 'e stân fan 'e yn it wetter libjende bisten sels út. Dat bart op in dierfreonlike manier.
5. By it ûnderhâld fan wetterwegen (meanen, heakkeljen, baggeljen) past it Wetterskip dierbesparjende techniken ta. Utheakkeljen fan wetters bart net as automatisme, mar wurdt útfierd as mjitwurk. Der fine gjin wurksumheden plak yn perioades wêryn de soarten kwetsber binne: wilens de fuortplantingstiid, de winterrêst en/of migraasje.
6. Sleaten wurde yn prinsipe net tichtsmiten, oft it moat wêze dat dat ûnûntkomber is om de natuerwearden fan in gebiet te ferbetterjen of om de folkssûnens te beskermjen. Boppedat meie wâlbegroeiings en biotopen nea hielendal fuorthelle wurde.
7. It Wetterskip stoppet mei it bestriden fan gravende bisten lâns sleatkanten en de ferdrinkingsfal foar muskusrotten wurdt fuortendaliks ferbean.
8. De ûntjouwing fan deteksjemetoaden om graverij fan bisten yn diken en kaaien op te spoaren, sadat yntiids reparasjewurksumheden útfierd wurde kinne.
9. It Wetterskip stoppet mei de ferhier fan jachtrjochten op har terreinen.

10. It Wetterskip stoppet mei de ferhier fan har fiskrjochten en mei de ynrjochting fan angelplakken.
11. It opheffen fan 'e fiskstânbehearskommisje. Salang dizze kommisje noch bestiet nimt it Wetterskip it foarsitterskip op har om te befoarderjen dat natuer- en dierbeskermingsorganisaasjes ta trede ta de kommisje.
12. De ûntjouwing en ynset fan dierfreonlike en duorsume metoaden fan skeaprevinsje.
13. It Wetterskip set gjin bisten út en wurket net mei oan heryntroduksjes troch oare organisaasjes.
14. It fiskfeilich ynrjochtsjen fan gemalen.
15. Fiskpassearberheid fan wetterkrêftynstallaasjes en oare obstakels dy't de migraasje fan fisken blokkearje.
16. Dieren moatte folweardich yn 'e kalamiteitenplannen fan it Wetterskip opnommen wurde.